

Bijlage VMBO-GL en TL
2016

tijdvak 1

Fries CSE GL en TL

Tekstboekje

Tatoeaazjes gjin beswier

(1) Arie Boomsma hat in mûnske tatoe op 'e rêch en in hiel soad lytsere eksimplaren, mar hy stiet al jierrenlang bekend as dé ideale skoansoan fan de Nederlânske telefyzje. Ben Saunders, winner fan *The Voice of Holland*, wûn mei in hast folslein tatoeëarre lea de sympaty fan it grutte publyk. Op Instagram sette tûzenen fammen fan 18 jier foto's fan sentimintele teksten dy't sy yn retro typemasineletters op 'e ribbekast sette litten hawwe. De fjouwer leden fan de jongesband *One Direction*, noch mar kwealik mearderjerrich, sitte ûnder de tatoeaazjes.

(2) Tatoeaazjes binne mear *mainstream* as ea tefoaren: akseptabel en tagonklik foar in breed publyk. Doedestiids waarden sokke rebelske lichemsfersieringen ferbûn mei gefangenisklanten, motorbindeleden en seelju, mar dy assosjaasjes binne al lang ôfskodde. Tatoes binne moade-assessoiren wurden.

(3) "Yn de tachtiger jierren hie ik allinne punkers as klant", seit Sjap Horwitz, dy't sûnt 1984 as *tattoo artist* wurket en yn 1999 *House of Tattoos* oan de Haarlemmerdijk yn Amsterdam iepene. "Doe't MTV yn 1987 yn Nederlân op de kabel kaam, waarden tatoeaazjes stadichoan gewoaner. Minsken koene fan dy tiid ôf alle dagen muzikanten op 'e telefyzje sjen en dy hiene faak tatoes. Dêrnei waard de trend oppakt yn de moadewrâld en nei 1990 sjochst oeral om dy hinne minsken mei tatoeaazjes."

(4) De tatoehype fan hjoed-de-dei is neffens Horwitz foaral te tankjen oan it tv-programma *Miami Ink*. Dat wie in realityshow oer de deistige dingen yn in tatoeshop yn Miami. De show wie tusken 2005 en 2008 op 'e telefyzje. "Troch dat programma kaam it grutte publyk yn 'e kunde mei maatwurk: persoanlike tatoeaazjes dêr't in ferhaal efter sit." Earder wie it yn tatoewinkels gewoan datst in standert *tribal* hawwe woest of in foarprunte dolfyntsje út in plaatsjeboek hellest. "Nei dy tiid woe elk leaver wat unyks."

(5) "De opkomst fan de tatoe dy't de klant sels betinkt of kiest, hat der foar soarge dat stadichoan mear froulju ûnder de nulle geane tsjintwurdich", seit Horwitz. Sifers út Nederlân binne net bekend, mar út statistiken fan it Amerikaanske ûndersyksburo Harris die ferline jier bliken dat mear froulju (23%) as manlju (19%) in tatoeaazje sette litten hiene.

(6) Horwitz: "Tusken 1990 en 2000 seachst de nijste tatoes allinne mar yn spesjale blêden dy't op syn heechst ien kear yn 'e moanne ferskynden. No sette minsken harren tatoes nei in dei al online." Troch ynternetblogs fleane de nijste tatoeaazjes samar de hiele wrâld oer. De iene trend stroffelet oer de oare. "Stjerren wiene de earste ynternetraazje", seit Horwitz. "Dêr seachst elk in jier of acht lyn mei rinnen." 2013 is it jier fan de fûgeltsjes en de fearkes, alderferskuorrendst populêr, foaral by froulju. "As ien my no noch om fûgels of fearren freget, sis ik fan nee. Want

dêr kin elkenien oer tsien jier krekt
85 oan sjen dat dy yn 2013 set binne.
Dêr rinne al tûzenen minsken mei
om, wêrom soest dat noch wolle?”
(7) Wat net feroaret: ferneamde
minsken (tsjintwurdich sokken as
90 David Beckham, Angelina Jolie en
Lady Gaga) hawwe ynfloed. De
tatoeaazjes fan Rihanna wurde
neffens in protte *tattoo artists* it
faakst neimakke, foaral de teksten
95 *love* en *shh...* op har fingers. En de
stjerkes yn har nekke binne ek *hot*.
(8) De tatoetrend past krekt by de
tiidgeast fan ús jierren: selsekspresje
en yndividualiteit binne yn 'e moade.
100 Op Twitter dielst dyn miening, op
Instagram dyn moarnsiten, op
Pinterest de skuon dêr'tst sa'n sin
oan hast en op dyn ûnderearm dyn
libbensmotto of dyn favorite liettekst.

105 **(9)** De tiid dat in tatoeaazje de
garânsje wie foar libbenslange
wurkleazens is foarby. Begjin 2013
ferskynde in Ingelsktalich artikel oer
tatoes op it wurk. Yn septimber fan
110 dat jier wiisde in Skotsk universitêr
ûndersyk út dat sichtbere tatoes yn
de measte wurkgebieten noch faak
taboe binne, mar ek dat de nije
generaasje wurkjouwers der gâns
115 minder muoite mei hat.
(10) In manager fan in grutte
advokatefirma yn Amsterdam: “In
deadskop yn 'e nekke kin fansels net,
mar wy fine in tatoeaazje yn de
120 measte gefallen in ûnderstreking fan
it karakter. Sa hawwe wy hjir in
kollega mei in sierlik blomke op it
ankel datst dúdlik troch har
hûdkleurige panty hinne sjen kinst.
125 Dêr hat net ien problemen mei.”

naar: Nathalie Wouters, NRC, 9 november 2013

It famke yn de mist

De kâns is grut dat jo as lêzer sûnder it te witten in foto yn 'e hûs hawwe fan Mirjan van der Meer. By tafal waard sy de fotografe en it model fan in protte boekomkaften.

(1) It meast hâldt se fan de mist. Bytiden hinget de dize boppe it lân as Mirjan van der Meer (25) yn de trein sit nei Ljouwert ta, dêr't sy in
5 oplieding ta dosinte Ingelsk folget. "Dan muoit it my gewoan dat ik der net op út kin", seit se. Deropút mei har kamera, om foto's te meitsjen. Foto's fan harsels, as dreamerich
10 famke yn in ferstille lânskip. "Ik hâld fan Caspar David Friedrich", seit se. "En fan de gedichten fan John Keats." De Dútske skilder Friedrich út de Romantyk en de Britske dichter
15 Keats fan *A thing of beauty is a joy* út dyselde perioade, mei harren fielt sy har besibbe. Krekt as se hâldt fan de wrâld fan de BBC-kostúmdrama's. Dêr is romantyk ommers ek in
20 wichtich yngrediïnt fan.

(2) Op har achttjinde krige sy in digitaal fototastel fan har âlden en dêrmei begûn sy harsels op de foto te setten. Gewoan, tichteby de pleats
25 fan har heit, yn it lân, op in paad, by in blêdetek. De foto's sette sy op deviantart.com, in sammelbak op it ynternet foar minsken dy't harren keunst sjen litte wolle. Se neamt harsels Mirjan Rooze. "Want ik woe
30 net ûnder myn eigen namme. Dizze namme wie in ympuls, mar ik haw wol wat mei blommen en roazen." Har eigen webside, dy't se sûnt in jier
35 of fjouwer hat, hjit ek Mirjan Rooze. Mear siet der net efter, fertelt se in pear kear. Gewoan sprekkende foto's meitsje, sûnder plan, út yntuysje, yn

de mist fan de stille moarn, de sliep
40 noch yn de eagen. Wêrom selsportretten? "Dêr haw ik nea sa oer neitocht. Miskien omdat it maklik is, it kin altyd."

(3) Mirjan hat har kwetsbere
45 selsportretten al in skoft op it ynternet te stean. En doe kaam der kunde werom fan in fakânsje út Italië, dy't sei: "Wy hawwe dy op in foto stean sjoen." It wie wier. De
50 ûntwerper fan Mondadori, de grutste útjouwer yn Italië, hie in foto fan har brûkt foar it omkapt fan in roman fan Paolo Giordano. Se hearde der earst offisjeel fan doe't útjouwerij De
55 Bezige Bij it boek yn Nederlân publisearre, as *De eenzaamheid van de priemgetallen*.

(4) De ûntwerper naam kontakt mei har op. "Yn Italië wie it boek al in
60 megasukses", wit se no en dat waard it yn oare lannen ek. Hieltyd mei it gesicht fan Mirjan van der Meer derop. "In foto fan fiif jier lyn, hiel apart eins. Hy is gewoan hjir makke,
65 by de pleats", fertelt se. By in beamke yn in hoekje. Wat se dermei sizze woe wit se net. It is, seit se, krekt oft se nei in foto sjocht dy't troch in oar nommen is. Nei in frou
70 dy't se net echt ken, in personaazje. "Goh, haw ik dat makke?", tinkt se dan. Mar ek: "Dat haw ik dochs mar efkes dien." Wêrom't dy foto by it
75 boek past, dêr hie se earst gjin idee fan. "It kinne beide personaazjes út it

boek wêze”, tocht se. “Doe’t ik it boek lêzen hie, begriep ik it wol.”

(5) By de presintaasje fan it boek moete se de skriuwer Giordano – ek
80 jong, ek in bytsje ferheard oer wat him oerkommen is. Foar syn nij boek, *Het menselijk lichaam*, hat er har spesjaal om in foto frege. Eins is it har earste boekomkaft yn opdracht.
85 Se stiet der sels op, mei har broer Auke.

(6) Yn de tuskentiid ferskynde se op folle mear boekomkaften, yn hieltyd oare stallen op hieltyd oare foto’s.
90 Har heit hat om dat te ûnderstreekjen, spesjaal foar it petear, it finsterbank fol set mei alle boeken. In protte fan útjouwerij Montadori, yn allegearre ferskillende
95 talen. Gerbrand Bakker, Margriet de Moor, Peter Høeg, Com Tóibín. Se pakt in boek fan de Italiaanske skriuwster Laura Sandi, dêr’t se in bytsje famkeseftich op stiet, wylst se
100 in kaugomballon blaast. “Doe wie ik achttjin.”

(7) It âld fototastel docht it al net mear. Se hat tsjintwurdich bettere apparatuer. En in ôfstânsbetsjinning
105 – ast hiel goed sjochst, is op guon foto’s te sjen dat se wat yn de hân hâldt. Se fotografearret sa puer mooglik, mei it ljocht dat der is. Se set neat del, makket har net moaier
110 en rommet neat op – ek net efterôf mei Photoshop. Sa krigest rêst, stilte en kwetsberens. Alles digitaal. Dêr hat se mar ien kear echt spyt fan hân, doe’t in hurde skiif mei trije jier
115 materiaal it ynienen bejûn hie. “Dêr

siet hiel moai wurk tusken”, seit se. “Ik wie der wiken ôf.”

(8) Mei al dy boekomkaften kaam ek de bekendheid. Se stie yn kranten,
120 wie te sjen by *Studio Max Live* en yn *Kunststof TV*, mei har broer. Pas by de opname realisearre se har dat der ek publyk by siet. Dat wie al spannend. Mar doe’t se it programma letter weromseach – foar in part mei
125 de hannen foar de eagen – stie der ûnder yn byld ek noch ‘fotograaf-fotomodel’. “En dat bin ik hielendal net.” Al dy oandacht leit har
130 net; ek foardat dit petear ta stân kaam, moast der in soad maild wurde.

(9) Se hat gjin Facebook en Twitter – fierstente ûnrêstich en net te
135 behearskjen. Op har foto’s hat se, hoe yntuïtyf en ôfhinklik fan de mist dy ek binne, alles sels ûnder kontrôle. Yn de spotlights is dat oars. “Ik hâld der hiel bot fan om it earst by
140 mysels te hâlden, der oer nei te tinken en te ferwurkjen en it dan pas te dielen.” Yn it begjin wie dat it lestichste. Se fielde har al ûngemaklik as sy in boekhannel
145 ynrûn. Mar it went stadichoan. “It is wat fan mysels en ast der sa mei nei bûten komst en as se allegearre fragen oer dyn foto’s stelle, dêr moat ik noch altyd oan wenne. Ik wit net
150 goed wat ik dêroer sizze moat, ik haw der net oer neitocht. Mar ik haw besletten om it wol te dwaan. It moat ek in kear barre. Kinst ek net oeral nee tsjin sizze.”

naar: Asing Walthaus, Leeuwarder Courant, 16 maart 2013

Emoasje by de oranjekoeke

In Frysker traktaasje as oranjekoeke is der net. Tryntsje Nauta wol de oranjekoeke fan alle Fryske bakkers fotografearje. Wat seit dy lekkernij oer ús identiteit?

(1) Fansels krij ik fan fotografe Tryntsje Nauta oranjekoeke fan bakkerij Friso út Bitgummole by de kofje. Bitgummole is ommers it doarp
5 dêr't har woartels lizze. "Dy oranjekoeke is it lekkerst", seit se. "Oant no ta fansels! Elk hat oantinken oan oranjekoeke. It is kulinêr erfgoed."

(2) Mei har stazjêre Inge Nicolai giet se de kommende tiid troch Fryslân. Marijke van Ruiten, dêr't se it projekt mei betocht, moast foarearst
10 ôfheakje. Se reizgje mei in bus, mei yn de laadromte in komplette
15 fotostudio boud. Tryntsje wol fan elke bakker de oranjekoeke fotografearje ûnder hieltyd deselde omstannichheden. Rjocht fan boppen ôf, sadat
20 de oerienkomsten en benammen de ferskillen goed dúdlik wurde.

(3) Dit projekt moat einige mei in boek. In kompleet dokumint, mei alle oranjekoeken fan alle Fryske bakkers
25 yn it jier 2013. De oranjekoeke libbet noch altyd. Mar benammen yn de doarpen hâldt mannich bakker op, dat it projekt seit eins ek wat oer krimp. "Mei it ferdwinen fan de
30 bakker, ferdwynt ek syn oranjekoeke, want elk makket syn eigen. Dit is in goed momint om dit projekt te dwaan. Oer tsien jier is der miskien mar sechstich, santich prosint fan dy
35 koeken oer."

(4) Tryntsje har fassinaasje foar de oranjekoeke is ek fan fisuele aard. "It is hast in keunstwurk. Se binne hast

allegearre fjouwerkant, mar elke
40 bakker makket se wer oars op. De ferskillen binne dúdlik te sjen. De iene bakker makket se hiel strak op, de oare folle wielderiger." Sy jout, inkeld út estetysk eachpunt, de
45 foarkar oan krêm boppe slachrjemme. "Slachrjemme makket wat plomper."

(5) Ja, oranjekoeke makket wat los. Mannichien rydt graach in eintsje om
50 foar de bêste oranjekoeke, oer de kar dêrfan wurdt omraak harrewarre. "En dan hast de ivige diskusje: krêm of slachrjemme? Bakker Bruinsma hat twa filialen. Yn Ljouwert wurdt
55 slachrjemme it meast ferkocht, yn de doarpen hawwe se leaver krêm. Dat is ek tradisjoneel. Minsken hawwe safolle emoasje by oranjekoeke, oantinken oan hoe't se eartiids
60 harren koeke kochten en wat der by kaam. It is net samar in stikje taart. Oranjekoeke is feestlik. Elkenien wurdt der bliid fan."

(6) Frjemd genôch is der hast neat
65 fêstlein oer de skiednis fan de oranjekoeke, dy't syn namme te tankjen hat oan raspe sinasapelskyl dy't dêryn ferwurke is. Oarspronklik wie it foaral brulloftsgebak en wie it
70 faak allinne te krijen op bestelling. Wêrom't de oranjekoeke, oars as de Limboarchske flaii, bûten de eigen regio net of hast net bekend is? Dat is ek in riedsel.

(7) Op it stuit binne der noch sa'n
75 140 bakkers mei oranjekoeke yn it

assortimint. Sy hawwe allegearre berjocht krigen mei in ferklearring fan it projekt. Tryntsje en Inge reizgje by harren del mei de mobile studio. Tryntsje giet derfanút dat alle bakkers wol meidwaan wolle. “Yn it plak dêr’t wy oan it wurk west hawwe, diele wy oan de ein fan de dei de stikken oranjekoeke út. Bygelyks yn in fersoargingshûs, op it fuotbalfjild of op ’e strjitte. Dan wurdt it projekt ek in soarte fan mienskiptskeunst.”

(8) Hat it projekt, dat ommers draait om typysk Frysk gebak, no noch wat te melden oer de Fryske identiteit? “Dêr hat elk it oer”, seit Tryntsje, “mar nimmen wit krekt wat dat is. Sa hat elk syn eigen favorite oranjekoeke. Ik bin opgroeid mei dy fan Friso út Bitgummole. Mar in freondinne koe dy amper werom as oranjekoeke. De iennige echte oranjekoeke bestiet net. Mar mei-inoar hawwe wy der wol in byld fan. En sa sit dat mei dy identiteit ek.”

naar: Jacob Haagsma, Leeuwarder Courant, 19 maart 2013

De teksten die voor dit examen gebruikt zijn, zijn bewerkt om ze geschikt te maken voor het examen. Dit is gebeurd met respect voor de opvattingen van de auteur(s). Wie kennis wil nemen van de oorspronkelijke tekst(en), raadplege de vermelde bronnen.

Het College voor Toetsen en Examens is verantwoordelijk voor vorm en inhoud van dit examen.